

Reinaard yn Gatzerka

troch Jaap Krol

De midsieuske Nederlânsktalige ferzje fan it ferneamde ferhaal oer Reinaard de foks (Van den vos Reinaerde) is yn de mondiale literêre skiednis in wichtich boek. Los fan de taalkundige wearde is it ek om syn ynhâld, oars net as kompromislease satire, in tige nijsgjirrich ferhaal. Wa't in bytsje ynsjoch hawwe wol yn de wrâld fan de midsieuske mins, kin net om dit wurk hinne.

Reinaard de Vos is in slúchslimbist, dy't alle minskenbisten dy't ticht om kening Nobel stean te fiter nimt. Syn hanneljen is in kombinaasje fan tûke oerredingskrêft en neatûntsjende sjarme. Hy wurdt freze troch syn opponinten (manlju),

mar heimlik bewûndere troch oaren (froulju). It moaie oan Reinaard is dat er syn tûkheid en wreedheid kombinearret mei grutte diplomatieke jeften, dy't er kear op kear foar de kening oer etalearret. De midsieuske skriuwer Willem lit dy twa kanten fan de foks soepel yn elkoar oerrinne.

Ek by de hjoeddeiske lêzer hellet er it bloed ûnder de neils wei. Syn fijannen lykwols binne gjin sprút better. Reinaard lit de lêzer dan ek sjen wat minskebisten sa al driuwt: domheid, benepenheid, leffens, dûbelhertigens. Mar Van den vos Reinaerde is mear as in oanklacht tsjin de dominante ynstitúsjes mei harren dûbelhertige moraal en krûperige folgers. It is ek noch altyd in hiel, hiel komysk ferhaal.

De Frysktalige bewurking Neam my mar Willem fan Steven H. P. de Jong hat as doel it ferhaal ûnder in breder publyk te bringen (fan tolve jier ôf), yn, sa't it foaropwurd skriuwt, 'modern en lichtfuottich Frysk.'

De âlde skriuwer Willem is in mearkeferteller, dy't troch de lannen reizget en sa yn it midsieuske Gatzerka (tsjintwurdich Gytsjerk) komt om syn mearke te fertellen. It hiele doarp harket nei him, ynklusyf de frelle, pastoor en kapelaan, dy't yn harren rollen de trije grutste opponinten fan Reinaard binne.

It kompromislease ferhaal bliuwt yn dizze bewurking kreas yn stân. It is De Jong slagge om it dûbele karakter fan de perso-

naazjes fêst te hâlden. Neam my mar Willem is in goed rinnend ferhaal foar elkenien fan tolve oant tachtich en it docht bliken dat it moderne en lichtfuottige Frysk in tige goed lêsbere bewurking opsmyt.

Dochs moat ik wol sizze dat ik de persoanlike ynbring fan de ferteller De Jong (net de bewurker) net altyd boartlik fyn. Soms, as de ferteller De Jong yn koarte yntermezzo's syn stim hearre lit, moatte de frelle, kapelaan en pastoar fan Gatzerka it tefolle ûntjilde. De skieding tusken folk en elite is yn myn eagen te flechtich en te swart wyt tekene. Krekt op dy mominten mist it ferhaal syn humor dy't sa eigen is oan it ferhaal fan Reinaard.

Ta beslút yntrigearre my de folgjende sin op de flaptekst fan it boek. „De Jong fertelt dit ferhaal nei oan 'e midsieuske Gytsjerkers, dy't der typysk Frysk op reagearje.” Dit snap ik net. Wêrom moatte op in universeel ferhaal, dat ús de kâns jout midsieuske en moderne minsken better te begripen, wêrom moatte minsken dêr no wer 'typysk Frysk' op reagearje? Ik sjoch net wat der 'typysk Frysk' is oan de (fiktive) wrâld fan de midsieuske Gatzerka's/Gytsjerkers. Alle Friezen, of se no frelle, pastoor of boer binne, binne krekt sa dom, benepen, lef en dûbelhertich as alle oaren yn it ferhaal.

Neam my mar Willem, Steven H.P. de Jong, Koperative Utjouwerij, 2006, 9,50 euro